

Sjueryrapport D.A.Tammingapriis 2019

Nei it stopsetten troch de provinsje fan de Fedde Schurerpriis yn 2013, hat de Stifting FLMD it inisjatyf nommen ta in nije debútpriis foar Frysk literêr wurk: de D.A.Tammingapriis. De priis is neamd nei de dichter/skriuwer Douwe Annes Tamminga en wurdt yn prinsipe alle jierren takend foar debuten dy't yn de twa foarôfgeande jierren ferskynd binne, om bar foar proaza en poëzy.

Yn 2014 waard er foar it earst útrikt. De priis gong doe nei Ale van Zandbergen, foar syn roman *Littenser Merke*. Yn 2016 is de priis net útrikt, om't it tal proazadebuten te lyts wie en dat betsjut dat de D.A. Tammingapriis 2019 ornearre is foar de debuten fan 2014 oant en mei 2018.

Uteinlik moast de sjuery acht boeken lêze en beoardiele: seis romans en twa ferhalebondels. Uteinlik, want der wienen mear skriuwers dy't in debútroman of debútbondel skreaun hawwe yn it tiidrek dêr't de priis foar bedoeld is, mar harren boeken binne net ynstjoerd. Guon net, omdat de skriuwers fan dy boeken ûnderwilens ferstoarn wienen, guon oare net omdat de auteurs der sels foar keazen ha har wurk net yn te stjoeren. By de romans wienen ferskate sjenres fertsjintwurdige: misdiedromans, histoaryske romans of hjoeddeistige romans mei histoaryske eleminten, psychologyske romans, ensfh. De twa ferhalebondels binne net sa maklik yn ien sjenre ûnder te bringen.

De kwaliteit fan de romans en ferhalen wie meastentiids hiel behoarlik, hoewol net altyd like literêr. Dêrby falt te tinken oan saken as ynhâldlike djipgong en orizjinele foarmjouwing (û.o. styl en struktuer). Ek de karaktertekening spilet dêryn mei: gjin 'typkes' bygelyks mar echte personaazjes, en net al te fêste rolpatroanen.

Dit binne de boeken dy't de sjuery beoardiele hat: *In soarte fan bûgjen* fan Geert Nauta, ferskynd by útjouwerij Elikser, *De triennen fan Cheetah* fan Anne Feddema, *Skeind ferline* fan Douwe de Graaf en *De komakorrektor* fan Baukje Zijlstra, alle trije útjûn by de Afûk, *Brief út it ferline* fan Nelly Jongsma-de Jong, *It testamint fan Tonnema* fan Gooitzen Monsma, *Skuld* fan Jikke Olivier en *Drift* fan Jan Minno Rozendal, alle fjouwer útjeften fan de KFFB.

In soarte fan bûgjen en *De triennen fan Cheetah* binne ferhalebondels, beide mei in absurdistyske ynslach. By Anne Feddema giet it om koarte en hiel koarte ferhalen, Geert

Nauta is wat langer fan stof. Anne Feddema hâldt in heech tempo oan, jachtet fan it iene nei it oare en slacht geduerich op ‘e trommel. Geert Nauta docht it wat rêstiger oan, syn toan is ynbanniger, hy stiet noch wolris stil by de dingen, der is romte foar kontemplaasje. Ynherint oan ditsoarte ferhalen is dat de lêzer de tried wolris kwytrekket of sitten bliuwt mei de fraach wêr’t de skriuwer no eins op út is.

Douwe de Graaf syn roman, *Skeind ferline*, ferskynde krektlyk as de ferhalebondel fan Anne Feddema by de Afûk, mar in grutter kontrast as tusken dy twa is amper te betinken. Dêr’t Anne Feddema de fleur der ynhâldt, dêr swimt *Skeind ferline* yn in see fan fertriet, sûnder ek mar in spatsje comic relief. *Skeind ferline*: it soe ek de titel wêze kinne fan it priiswinnende boek, *De Koma-korrektor* fan Baukje Zijlstra. Ek yn dat ferhaal is it útgongspunt in ‘skeind ferline’ dat noch jierrenlang trochwurket. Mar dêroer aanst mear.

De restearjende fjouwer boeken komme allegear út de stâl fan de KFFB, de Kristlik Fryske Volksbiblioteek. Skreaun foar in breed publyk dat in meinimmend en oansprekkend ferhaal lêze wol. Dêr binne de skriuwers prima yn slagge.

Alhiel per ûngelok rekket de haadfiguer yn *Brief út it ferline* belutsen by kriminele drugsakkefysjes. Dêrby kriget se help fan in aardige jonge plysjeyspekteur en jo riede it al: der bloeit wat moais op tusken dy twa.

Yn de roman *Skuld* giet it om relaasjeproblemen. Dêrby wurdt geregeld de skuldfraach steld. Oan ‘e ein fan it boek liket it allegear min ofte mear goed te kommen al binne net alle fragen folslein beäntwurde. Sa hat de lêzer ek noch wat om oer nei te tinken.

Spylje dizze beide boeken har ôf yn in eigentiidske setting, mei *It testamint fan Tonnema* dûke we yn de sechstiger jierren, al hat it ferhaal noch mear de sfear fan de jierren fyftich. In waarm ferhaal oer in leave jonge, in brave Hindrik dy’t wolris in lyts foutsje makket en dêr dan ôfgrysliek oer ynsit.

Noch fierder fan hûs binne we, wat de tiid oanbelanget, yn de sosjaal-realistyske roman *Drift*, dy’t him ôfspilet oan it begjin fan de foarige iuw. Dêrtroch docht it boek wat datearre oan, hoewol’t it tema, earmoede en ûngelikense kânsen, yn in grut part fan ‘e wrâld noch altyd aktueel is.

Yntusken is de winner fan de priis bekend en jim wolle fansels graach hearre wêrom’t de sjuery dizze kar makke hat. Wat makket de *Koma-korrektor* fan Baukje Zijlstra neffens ús de winner?

Yn it boek komme ferskate ferhaallinen by elkoar: it boek dat de haadpersoan skriuwe soe oer it Indië-ferline fan har heit (hy soe fertelle, hja soe skriuwe), de heit dy’t no yn koma leit en

neat mear sizze kin, syn Indië-tiid, de korrespondinsje tusken de haadfiguer en har broer, dy't de paden fan harren heit yn Indonesië neireiziget én, skynber los fan it barren yn Yndonesië: de reorganisaasje by de krante dêr't de haadpersoan wurket. Al dy ferhaallinen bringt de skriuwster by elkoar op in wize dy't de lêzer fan it begjin ôf oan meinimt yn it ferhaal en nijsgjirrich makket. Nijsgjirrich, want komt der dúdlikheid oer wat der krekt bard is yn Yndonesië, oer wêrom't de heit fan de haadpersoan destiids in befel wegere hat? Kin har broer dy dúdlikheid fine of komt harren heit noch by út syn koma en kin hy dan sels noch wat fertelle? Soe it helpe dat hja op oantrunen fan it persoaniel fan it sikehûs hieltyd tsjin har heit praat? Kinne âlde maten fan har heit mear fertelle? Hoe stelt se harsels op by de reorganisaasje fan de krante: moat se foar harsels kieze of moat se solidêr wêze mei har kollega's?

Knap is it hoe't de skriuwster dit gauris swiere ûnderwerp tagonklik makket foar de lêzer. Knap ek hoe't se it barren yn Yndonesië, spegelet mei de reorganisaasje by de krante: de heit hat in befel wegere en hat letter nee sein tsjin rehabilitaasje, de dochter blykt ek in stânfêstige kant te hawwen en hat de kop yn de wyn smiten.

In moaie fynst binne de korreksjetekens, dy't earst wat betiizjend wurkje, mar al rillegau wenne en perfekt passe by it wurk fan de haadpersoan by de krante; in fynst is ek hoe't har broer syn yndrukken fan Yndonesië beskriuwt: yn eltse brief in stikje mei de kop "Dit is wat ik oant no ta sjoen haw" en fuort dêrnei in stikje ûnder de kop: "Dit is wat ik net sjoen haw." Yn dat lêste stik giet it gauris oer it byld fan Indië sa't de measte minsken dat foar eagen hawwe: de oerweldigjende natuer, palmbeammen en waringins, koelys op bleate fuotten, Nederlânske famyljes dy't wenje yn huzen mei grutte feranda's, ensfh.

Al mei al hat Baukje Zijlstra neffens de sjuery – besteande út Alian Akkermans, Sjoerd Bottema en Jannie van der Kloet - in hiel bysûnder debút skreaun, dat absolút ferwachtingen opropt oer it folgjende boek.

Sjuery D.A. Tammingapriis 2019,
Alian Akkermans,
Sjoerd Bottema,
Jannie van der Kloet